

Grou set yn greate styl it Eeltsje Halbertsmafeest op

Rimen en Teltsjes komme op 26 july yn in optocht ta libben

Moarn, Freed, kriget Grou it Halbertsma-deklamatorium fan Poortinga en Salten to hearren. It leit yn'e reden, dat de Sint Piter beide útfieringen mear as fol wurdt: der kin dan ek gjin kop mear by. De hege kosten litte it net ta, dat der yn Grou sels noch mear útfieringen komme, mar hwa't der ditkear net by wêze kin, sil op 25 en 26 july de kâns hawwe oan in bitinking fan dr. Eeltsje Halbertsma yn greate styl diel te nimmen. Hiele Grou 's opheden yn it spier om in programma ta te rissen, dat klinkt as in klok; dat hawwe wy juster hearre kind by in parsebisprek mei it komité, ûnder lieding fan boargemaster Walda.

Winliken bigjint it feest al op 2 july, as jouns út 'e toer wei de „Grouster weagen” oer it doarp klinke, songen fan de eigen koaren en op 'e bân opnommen. Eitse joun wurdt der in oar Eeltsjesankje útstjurd en dan is it Freed, 25 july, de dei fan de offisjele bitinking. De jouns is der in gearkomste yn 'e Formanje, dy 't iepene wurdt fan de hear Walda en dêr 't ds. C. P. Hoekema de bitinkingsrede hâlde sil en de hear D. Deinum in ynlieding hâldt oer dokter Eeltsje. It Mingd Koar fan Grou sjongt op it Halbertsmaplein. In dizze gearkomste wurdt it earste eksemplaar fan de sawnde printinge fan de Rimen en Teltsjes (foarste jefte) oanbean oan de Halbertsma-stifting.

Sneon, de 26 ste, is der de middeis in ringriderij mei seazen yn âlde styl (mei help fan it Frysk túchhynder) op 'e Nessemer dyk, wylst de jouns it greate feest hâlden wurdt

Om kertier foar sawnen komme de fjouwer bruorren Halbertsma mei twa Fryske jachten oan 'e Kaei oan en wurde dêr forwolkomme fan grytman baron Van Sytsema en syn trije assessors, útbylde fan it tsjinwurdige kolleezje fan b. en w. Om sawn ûre komme hja meienoar foar it gemeentehûs oan, dêr't de Rattelwacht in wurdsje sprekt en koaren en korps har hearre litte. Mei in lange rige weinen rydt der dan in fantastyske histoaryske optocht troch it doarp, dy't neffens in opset fan de hear J. P. Wiersma 15 fegueren of groepen út de Rimen en Teltsjes útbildet, allegearre neffens de bikende printen fan Ids Wiersma en mei de klean en de oare útrissing alhiel neffens de tiid. Om healwei njoggenen komt dizze stoet op it Griem oan, dêr't ûnder lieding fan Stinus Veldkamp it âlde Grou opboud is (alle Grouster forieningen en faklju arbeidzje dêr opheden alle jounen drok oan mei) en tsjin dy eftergroun stelle de haedfeugeren har dan oan it publyk foar. De Bruorren oanskôgje dêr de typen út har eigen wurk, wylst ta bislút de 80 metdoggers de skriuwers hulde tabringe.